# Aaisykje

| | |
|---|---|
| Ferhip!, seit de ljip, | G F |
| is myn aai der al wei, | G Eb7 |
| ik wist wol dat de mins in gefaar is! | G Bb7 G D7 |
| Lei ik ek ris betiid, | G F |
| ja, dat makke my bliid, | G Eb7 |
| mar no leit myn aaike by de kommisaris. | G Bb7 G |

| | |
|---|---|
| Wat moat dy dêr no mei, | C Eb7 |
| hy is sels krekt in aai, | C Eb7 |
| hy hat myn lyts aaike net nedich | C Eb7 C Eb7 |
| niiskrekt yn myn nêst | G F |
| doe like’t noch bêst | G Eb7 |
| doe lei’t dêr sa frij en sa fredich | G Bb7 G |

En wat in ferstân
al dy lju yn it lân
dy’t hyltiden weroan ferskine,
wat makket har slocht
en wat jout har it rjocht
om ús earste aaikes te finen

en alle oeren
troch kikers koekeloere
gjin privacy mear yn ‘e mieden
wannear sil se dy gekte
ja, dat ferrekte
aaisykjen no ris ferbiede!

© Doede Veeman